



PARSEBERJOCHT

Nûmer: 019 KV
Datum: 25 maart 2025

Subsydzjeregeling foar Frysk ûnderwiis opnij iepen

Skoallen en berne-opfanglokaasjes yn Fryslân kinne fan 31 maart oant en mei 13 juny 2025 subsydzje oanfreegje foar it fuortsterkjen fan de posysje fan de Fryske taal en kultuer. Der is €600.000,- beskikber. De subsydzjeregeling is ûnderdiel fan it projekt Taalplan Frysk 2030, wêryn't wurke wurdt oan in sterke posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis.

Deputearre Eke Folkerts: *“De ôfrûne jierren binne skoallen en berne-opfanglokaasjes yn Fryslân drok dwaande west mei it ferbetterjen fan it oanbod Frysk, op in wize dy't by har past. Mei de regeling wolle wy harren stypje dy ûntwikkeling troch te setten. Sa krijt aanst elk bern, fan pjut oant grut, de kâns om de Fryske taal te learen en te brûken.”*

Frysk foar no en letter

Alle sektoaren komme yn oanmerking foar subsydzje: berne-opfanglokaasjes, primêr en fuortset ûnderwiis, mbû, hbû, wû en spesjaal ûnderwiis. Der kin subsydzje oanfrege wurde foar fjouwer kategoryen: Skoalling of neiskoalling, Les- en lêsmateriaal, Kultueredukaasje en Frijroasterjen. In skoalle of berne-opfanglokaasje kin de kategory ien kear in oanfraach dwaan yn dizze perioade.

De subsydzjeregeling bestiet sûnt 2021. Ferline jier wie der ek €600.000,- beskikber ferdiel oer fjouwer plafonds; dy fan Kultueredukaasje en Frijroasterjen wiene doe binnen in moanne oerfrege.

Taalplan Frysk 2030

It projekt Taalplan Frysk 2030 wurket oan de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op alle skoallen en berne-opfanglokaasjes. De provinsje set him dêrfoar yn mei taal- en ûnderwiisinstellingen Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk, NHL Stenden Hogeschool, Rijksuniversiteit Groningen, Omrop Fryslân, Underwiisburo Semko en SFBO kennisintrum meartaligens jonge bern.

Mear oer de subsydzjeregeling Frysk foar no en letter: www.fryslan.fr/fryskfoarnoenletter
Mear oer Taalplan Frysk 2030: www.taalplan.fr



PERSBERICHT

Nummer: 019 KV
Datum: 25 maart 2025

Subsidieregeling voor Fries onderwijs opnieuw open

Scholen en kinderopvanglocaties in Fryslân kunnen van 31 maart tot en met 13 juni 2025 subsidie aanvragen voor het versterken van de positie van de Friese taal en cultuur. Er is €600.000,- beschikbaar. De subsidieregeling is onderdeel van het project Taalplan Frysk 2030, waarin gewerkt wordt aan een sterke positie van het Fries in het onderwijs.

Gedeputeerde Eke Folkerts: *“De afgelopen jaren zijn scholen en kinderopvanglocaties in Fryslân druk bezig geweest met het verbeteren van het aanbod Fries, op een manier die bij hen past. Met de regeling willen wij hen ondersteunen die ontwikkeling voort te zetten. Zo krijgt straks elk kind, van peuter tot groot, de kans om de Friese taal te leren en te gebruiken.”*

Frysk foar no en letter

Alle sectoren komen in aanmerking voor subsidie: kinderopvanglocaties, primair en voortgezet onderwijs, mbo, hbo, wo en speciaal onderwijs. Er kan subsidie worden aangevraagd voor vier categorieën: Scholing of nascholing, Les- en leesmateriaal, Cultuureducatie en Vrijroosteren. Een school kan per categorie één keer een aanvraag doen in deze periode.

De subsidieregeling bestaat sinds 2021. Vorig jaar was er ook €600.000,- beschikbaar verdeeld over vier plafonds; die van Cultuureducatie en Vrijroosteren waren toen binnen een maand overgevraagd.

Taalplan Frysk 2030

Het project Taalplan Frysk 2030 werkt aan de kwaliteit van Fries onderwijs op alle scholen en kinderopvanglocaties. De provincie zet zich daarvoor in met taal- en onderwijsinstellingen Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk, NHL Stenden Hogeschool, Rijksuniversiteit Groningen, Omrop Fryslân, Onderwijs Semko en SFBO kennisintrum meartaligens jonge bern.

Meer over de subsidieregeling Frysk foar no en letter: www.fryslan.frl/fryskfoarnoenletter
Meer over Taalplan Frysk 2030: www.taalplan.frl